

OP KOMMENDE WEI

Rixt van der Kooij
organiseart har **Fokaal trijelûk 2023**
yn 'e mande mei Frysk en Frij.

<http://rixtvanderkooij.nl>

[Ympresjes fan Literêr te gast - Frysk en Frij](#)

> Rixt van der Kooij



Rixt van der Kooij

Fokaal trijelûk - Bewûndering

Op snein 29 jannewaris 2023 wie **Trijelûk 1** in genot foar de 40 besikers om te beharkjen, dat wie in programma om de dichteres Mathilde Wiesendonck hinne mei Carina Vinke, alt, Ursula Skaug, altfioel en Rixt van der Kooij, piano.

Snein 12 maart 2023 wurdt útfierd Trijelûk 2:
Sie liebten sich beide.

De pianiste Clara Wieck wie de muze fan har man Robert Schumann, mar ek fan Johannes Brahms. It ferhaal fan in trijhoeksferhâlding as ynspiraasjeboarne.

Laetitia Sprij, mezzo-sopraan / Max Bruins, tenor / Rixt van der Kooij, piano.

-Robert Schumann – Seleksje út Myrthen op. 25 (1840)


-Clara Schumann-Wieck – Seleksje út Lieder op. 12 en op. 13 (1841)

-Johannes Brahms – Vier Gesänge op. 70 (1877), Lieder op. 107 (1891)

-Rixt van der Kooij – Trije blommelieten (2009), Earme Peter (2009), Tragedzje (2023), *Heinrich Heine / Fedde Schurer*



Laetitia Sprij



Max Bruins

Snein 23 april 2023 wurdt útfierd Trijelûk 3: *Dichtersleafde*

In jongfeint wurdt danich pleage troch in ûnberikbere leafde. De ferneamde syklus *Dichterliebe* ynspireart Rixt van der Kooij ta it komponearjen fan in Frysktalige syklus op fertalingen fan Fedde Schurer.

Daniël Hermán Mostert, bariton / Rixt van der Kooij, piano.

-Robert Schumann – Dichterliebe (1842), Heinrich Heine

-Rixt van der Kooij – Dichtersleafde (2022/2023), *Heine / Fedde Schurer*

Tiid: 15.00-16.30 oere.

Yntree: € 17,50; twa konserten: € 32,50.

Plak: Fermanje, Wurdumerdyk 18, Ljouwert.

Daliks in kaartsje keapje kin fia www.harmonie.nl